

Portefeuille-oerlis Frysk Kapitaal

Oan : Deputearre E. Folkerts
Fan :  J
Tastelnr. :  J
Ôfstimd mei :  J
Datum : 24-11-25
Ûnderwerp : Foarkar Untwerpen Meartalige Ferkearsbuorden

Besprekstik: JA / NEE

Fertroulik : JA / NEE

Ôfstimd mei tiimmanazjer : JA / NEE

1. Wêr giet it oer?

Yn desimber 2025 hat DS it prinsipebeslút naam om de ferkearsbuorden op provinsjale diken te ferfryskjen neffens de ambysjes fêstlein yn de BFTK. Yn de ôfrûne perioade hat HR Groep Streetcare twa ferzjes fan meartalige ferkearsbuorden ûntwikkele: ien dêr't de talen skieden wurde troch in taalline en ien dêr't de Fryske tekst kursyf op stiet. Oan de deputearre wurdt frege oft deputearre it iens is mei in foarkar foar de opsje mei de taalline.

De kommende tiid wurde de buorden bestjoerlik oan de stakeholders foarlein. Ien groep fan dy stakeholders binne de wethâlders Frysk. It plan wie om de ferkearsbuorden yn it BO Mei-Inoar foar it Frysk op 25 novimber te agindearjen. Dy is allinnich yn it foarrige BO annulearre. Oan de deputearre wurdt útsteld om taheakke mail mei alle wethâlders Frysk te dielen en harren om in skriftlike reaksje te freegjen om op dy wize draachflak te kreëarjen foar de ûntwerpen en dêrmei de ymplementaasje op gemeentlike diken.

De ferwachting is dat de wethâlders meigeane yn it útstel fan de deputearre mei in foarkar foar in taalline mei de argumintaasje dat dy in lykweardige posysje fan talen boarget. Mocht der in soad wjerstân fan de wethâlders út komme op it útstel, moat dat meinaam wurde yn de beslútfoarming nei it kolleezje ta.

De buorden binne 8 desimber agindearre by it OVVF.

2. Past it yn it belied?

Ja. It ferfryskjen fan de ferkearsbuorden is in útfiering fan ôfspraken makke yn de BFTK. Dêrneist binne de ambysjes fêstlein yn de taalnota Fansels Frysk en it beslút naam troch DS yn 2024 om de provinsjale diken te ferfryskjen.

3. Wat kost it, wêr komt it jild wei en wat krije we der foar?


N.f.t.

4. Is der in relaasje mei in moasje, amendemint of tasizzing (Id-nûmer fermelde)?
N.f.t.
5. Wat moat deputearre beslute?
1. Oft deputearre akkoart is mei in foarkar foar it ûntwerp mei de taalline;
 2. Oft deputearre akkoart is mei taheakke mail oan wethâlders Frysk;
 3. Oft deputearre taheakke hantlieding oan de wethâlders stjoere wol of dat allinnich de beskriuwing yn de mail foldocht.
6. Moat der publisiteit oan jûn wurde?
- As deputearre akkoart is mei it brief, advisearret de tsjinst om de mail troch deputearre sels (lês: it sekretariaat) oan de wethâlders ferstjoere te litten.

Op de oare bledsiden kin in neiere taljochting jûn wurde.

Untwerpen Meartalige Ferkearsbuorden

Nei oanlieding fan it DS-beslút fan 17 desimber foarrich jier hat HR Groep Streetcare twa wizen fan it realisearjen fan meartalige ferkearsbuorden ûntwikkele: ien dêr't beide talen skieden wurde troch in taalline en ien dêr't dat dien wurdt troch it Frysk kursyf te printsjen. Sjoch hjirûnder foar in foarbyld fan beide:



Skieding troch taalline

Frysk kursyf

De tsjinst advisearret om foar it ûntwerp mei de taalline te kiezen om de folgjende redenen:

De taalline stipet de bestjoerder mei it ferwurkjen fan it boerd

De tiid dy't de bestjoerder nedich hat om it boerd te lêzen en te ferwurkjen, is tiid dat de bestjoerder net mei de dyk dwaande is. Oer it algemien jildt dat hoe mear tekst, hoe langer de bestjoerder nedich hat om it boerd te ferwurkjen en dus net mei de dyk dwaande is. As de bestjoerder dus de tekst op de ferkearsbuorden yn beide talen ferwurket kin dat in negatyf effekt hawwe op de ferkearsfeiligens.

De taalline makket it dúdlik foar de bestjoerder hokker tekst se minimaal ta harren nimme moatte en foarkomt dat de bestjoerder it hiele boerd lêst. Wannear't se de Nederlânske tekst lêze wolle, is it altyd dúdlik dat se **allinnich** de tekst boppe de line hoege te lêzen. Foar it Frysk hoecht dan allinnich de tekst ûnder de line lêzen te wurden. Dêrby moat de bestjoerder der fansels altyd op fertrouwe kinne dat de teksten yn beide talen deselde ynformaasje befetsje.

It ûnderskied tusken de talen is net altyd like dúdlik as it Frysk kursyf makke wurdt, benammen by buorden dy't meardere rigels hawwe en/of op hege snelheden ferwurke wurde moatte. As de talen mei kursyf skieden wurde tinkt de tsjinst dat de kâns grutter is dat de bestjoerders de folsleine tekst lêze.

De taalline boarget in lykwaardige posysje fan de talen

Kursive tekst hat faak de konnotaasje dat it in ûnderskikt is oangeande de tekst dy't yn 'romein' stiet. Ien fan de doelen fan it yntrodusearjen fan it Frysk op meartalige ferkearsbuorden is dat it Frysk in lykwaardich plak neist it Nederlânsk yn de iepenbiere romte kriget. Mei de skieding troch in taalline sjogge beide talen der itselde út en wurdt de lykwaardige status better konkretisearre.

Amtlik wurdt by de stakeholders ek keazen foar de taalline

De ûntwerpen binne amtlik ek foarlein oan de gemeenten. By de amtners dy't ferkearsfeilichheid yn de portefúlje hienen, wie der gjin foarkar foar de ien fan de buorden: beide helle deselde stimmen. Yn it amtlike ekwifalint fan Mei-Inoar foar it Frysk waard in foarkar útsprutsen foar it boerd mei de taalline om't dêr ek fûn waard dat it Frysk op dy buorden in lykwaardige posysje hie neist it Nederlânsk. Amtlik hingje de stakeholders dus nei de buorden mei de taalline.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen